


# De Koepel

76e JIERGONG

no. 6, juni 2024




**Doarpskrante foar  
Wytmarsum en omkriten**



**Redaksje:**  
Wim Beckers  
Betty Popma - van Olst  
Jellie Koops - Benedictus  
Feikje Adema - van den Berg  
Adri de Vries  
Gerke Terpstra



**Wooncomfort begint met duurzame keuzes!**



Enmalig investeren



Maandelijkse kosten omlaag



Wooncomfort omhoog

**Uw partij voor gedegen advies en vakkundige uitvoering bij het verduurzamen van van uw woonhuis!**



## Heeringa

*onderbouw bouwen*



betekent:

- Een vast aanspreekpunt
- Van ontwerp tot realisatie
- Advies in bouwtechniek, bouwfysica, installaties en subsidies
- Meedenken met de opdrachtgever
- Vakkundige uitvoering door eigen en betrokken medewerkers
- Garantie op alle werkzaamheden
- Gratis service check 1 jaar na oplevering
- **Een voorspoedige duurzame bouw!**



[www.bouwbedrijf.heeringa.nl](http://www.bouwbedrijf.heeringa.nl)  
[info@bouwbedrijf.heeringa.nl](mailto:info@bouwbedrijf.heeringa.nl)

# Kat en Harke

It liket der op dat sa stadichoan it kreaze waar ek ús kant op komt, al is it fansels, ek tusken  en , tsjintwurdich mar dreech te foarsizzen of, wannear en hoelang as wy moai waar krije sille. It liket wol dat sûnt Piet Paulusma it waar net mear foarseit, de natuer hielendal yn de war is.

Mar net allinnich de natuer, want wat te tinken fan it sjongfestival yn Malmö. Joost Kleine, al rillegau waard hy ús Joost neamd, hie yn myn eagen in prachtich swingend liet wêrmei hy grif hiele hege eagen goaid hie. Mar der wie in akkefytsje mei in kamerafrou. Hoe't it presys gongen is wit allinnich de oanbelangjenden, mar feit is wol dat de kamerafrou al in pear kear frege wie te stopjen mei filmjen mar dat net die. Dan is it dochs gjin wûnder dat Joost pissich wurdt. It die mij, en mei mij tochten mear minsken dat, tinken oan prinses Diana dy't troch de paparazy de dea ynjage waard. Moat men dat dan mar allegearre goed fine freegje ik my ôf. Skynber wol, want oars wie net Joost de dupe wurden, mar de kamerafrou sels, dy't de (euro)paparazy úthingje moast. Nee jou mij mar europapa.

Mar njonken it sjongfestival, gie it libben gewoan troch mei moaie mar ek fertrietlike mominten.

Sa ferstoar op 25 april JAN WIEBE LEMSTRA. Hy wie in natoermink yn ieren en sinen. As echte fjildman luts hy graach ris it fjild yn om te genietsjen fan de bisten en fan de natuer. Jan waard berne op 23 jannewaris 1941 yn Wytmarsum en boaske 52 jier ferlyn mei Dicky Cuperus. Jan is 83 jier wurden. Wy winksje Dicky, famylje en freonen sterkte ta om dit ferlies te ferwurkjen.

Op 1 maaie ferstoar ZUS VAN DER VALLE – STEINFORT, hja waard 75 jier. Zus waard berne op 9 febrewaris 1949 en boaske mei Jelke van der Valle. Jelke en Zus wienen 52 jier troude. Hja krigen in soan Johan en waarden pake en beppe fan Rutger en Martijn. Zus wie in bekende ferskinning yn it doarp.

Op de roukaart stie dat se it moai hân hie, net altyd maklik, mar o sa moai, wêrfoar se tankber wie. Zus is 75 jier wurden. Wy winskje Jelke, Johan, Marieke en Rutger en Martijn in protte sterkte ta dit grutte ferlies te ferwurkjen.

Op 7 maaie ferstoar MINKE KOORNSTRA-DE GROOT. Sy wie in dochter fan Rein en Afke de Groot dy't yn it Verlengd Oostend wennen. Minke is hikke en tein yn Wytmarsum en nei har trouwen mei Hendrik Koornstra ferhuze nei Makkum, hja krigen ien dochter, Afke. Tusken Minke en Wytmarsum is altyd in bân bestean bleaun. Hja waard 90 jier. Wy winskje Afke, Jan en de oare famylje sterkte ta om dit ferlies in plakje te jaan.

Wy krigen ek in roukaart fan MARJA BRONK, dy't op 15 maaie ferstoar yn Lienden. Frou Bronk waard op 19 juny 1948 berne yn Ophemert. Hja wenne û.o. op it Tsjerkelân en yn in oanleunwente by Aylvastate. Doe't har sûnens ôfnaam is hja nei Gelderlân nei in ferpleechhûs ferhúze by har broer yn de buert. Wy winksje de neibesteanden de krêft ta om dit ferlies te ferwurkjen.

Sa út en troch ferhúze der ek noch wolris minsken. Sa bin EERDE EN SARI SCHIPPERS - DE VRIES per 25 mei ferhuze fan de Master de Vriesstraat 38 nei Van Aylvaweg 29F. Wy winskje harren dêr folle wenwille ta.

Ik wit net as it jimme opfalt, mar se binne oeral wêr'st ek mar komst mei de diken dwaande. Ik begjin mij al op te winen as ik yn de fierte wer sa'n giel boerd gewaar wurdt mei ien of oare oanwizing hoe't ik ride moat. Wytmarsum koe him der lang oan ûntlûke, mar moast ek belies jaan, want der bin in pear wiken dan is in part fan de Van Aylvaweg – Gysbert Japikswei – Kamperwei ôfsletten. De Kat kin efkes net streekrjocht bij de Harke komme, mar ik ha goeie hope dat soks wol wer slagget as de folgjende Koepel by jimme op de matte falt.

●  
●  
●  
Oant de folgjende Koepel!

Wim

# Tsjerkepaad 2024

Dit jaar is voor Tsjerkepaad een jubileumjaar. Twintig jaar geleden deden in Súdwest-Fryslân 25 kerken mee aan de eerste openstelling. Sindsdien is het aantal deelnemende kerken in onze provincie vertienvoudigd. Ieder jaar doen gemiddeld 250 kerken mee aan de openstelling, met meer dan 50.000 bezoekers en honderden vrijwilligers die zich belangeloos inzetten.

Ook de Koepelkerk in Witmarsum doet weer mee aan de Tsjerkepaad formule. Dat houdt in dat de kerk vanaf 6 juli t/m 14 september open is op de zaterdagmiddagen van 13.30 – 17.00 uur.

Daarnaast is de kerk extra open in de maand juni op zaterdag van 13.30 – 16.00 uur en op alle woensdagen in juni t/m 11 september van 10.00 – 16.00 uur. Omdat er een boekje met wandelroutes is gepresenteerd, waarin ook de Koepelkerk is genomen en vanwege de te organiseren fietstochten van het Gouden Land verwachten we deze zomer extra bezoekers. We zijn blij dat de oproep om meer vrijwilligers resultaten heeft opgeleverd en we de kerk vaker open kunnen stellen.

We zijn trots op de mooie expositie over Menno Simons en zijn grondwaarden. Kom gerust eens binnen lopen. De gastheren – en vrouwen heten u graag welkom en de koffie staat klaar.

Op **6 en 17 juli** en op **17 augustus** en **7 september** zijn er orgelbespelingen van 15.30 – 16.00 uur.

Op enkele zaterdagen kan de Koepeltoren worden beklommen. Deze data worden bekend gemaakt in de Merkekoepel.

De Doopsgezinde kerk is alleen de laatste zaterdag van augustus open en 2 zaterdagen in september.

- It Skûltsjerkje in Pingjum is wel de hele Tsjerkepaadperiode open.
- Namens de werkgroep Tsjerkepaad.

# **T**riatlon Witmarsum

## **GEEN TRIATLON WITMARSUM IN 2024**

Na 10 jaar triatlon in Witmarsum heeft de organisatie besloten om in 2024 geen triatlon te organiseren. Na het stoppen van 2 bestuursleden gaan we op zoek naar nieuwe leden in de organisatie en daarom komt een triatlon in september te vroeg. Daarbij werd het sinds de coronajaren steeds moeilijker om aan het eind van de zomervakantie genoeg vrijwilligers bijeen te krijgen. Dit heeft ons doen overwegen om de triatlon naar een ander moment in het jaar te verplaatsen en in een andere vorm aan te bieden.

Zo als het nu staat, organiseren we op zondag 1 juni 2025 niet een triatlon maar een run-bike-run (duatlon)! Meer informatie over de duatlon volgt in de loop van dit jaar.

Onze website [www.triatlonwitmarsum.nl](http://www.triatlonwitmarsum.nl) en de facebookpagina blijven gewoon actief, waar we de laatste nieuwtjes blijven plaatsen.

- 
- Ben je geïnteresseerd om samen met ons Run-bike-run Witmarsum te organiseren? Dan kun je een mail sturen naar [info@triatlonwitmarsum.nl](mailto:info@triatlonwitmarsum.nl). We zien graag je reactie tegemoet!
-

# Zwembad Mounewetter

Het weer was op de openingsdag nog niet zo geweldig, maar er waren best al wat zwemmers en ‘stuivertje-duikers’. Daarna hebben we in de meivakantie prachtige, warme dagen gehad! Zo mooi dat er veel gezwommen werd en we op 14 mei de 5.000e bezoeker al mochten verwelkomen. Nu op naar de 10.000 bezoekers!

Het is op zondag 16 juni vaderdag. Vaders mogen dan bij ons gratis komen zwemmen. Ook alvast voor op de kalender: zaterdag 20 juli discozwemmen van 20.00- 21.30 uur. Zie voor meer informatie de website en Facebook van Mounewetter.

En dan nog wat nieuws: We hebben een prijsvraag gehouden voor een Fries gedicht over het zwembad. Wat een ‘pronkjes’ hebben we binnengekregen! Bedankt voor de deelname. Er zijn 4 gedichten gekozen als winnaars. Hier de nummers één en twee:

## ***Mounewetter***

*Tusken bosk en greidegrûn  
Ticht by mûne en wetter  
dêr ha wy ús plakje fûn  
dêr by swimbad Mounewetter  
Dûk, boartsje, spring en baai  
Yn ús moaie Mounewetter  
in swimparadys op’e klaai  
dêr fielt jong en âld him better  
Wêr’t wy lekker swimme kinne  
Klinke stimmen fier yn it rûn  
En genietsje wy fan de sinne  
Op Wytmarsums Fryske grûn*

© Aach Waterlander

### ***Mounewetter***


*Ien foar ien drippelje se nei binnen ta  
Spetters dy't de slach samar te pakken ha  
Smite mei wetter, ja sa!  
De mûne begjint te draaien  
Hantsjes dy't swaaie  
Bern springe fan'e planke  
Dûke fan startblok ien  
In wetterfal fan wille, wille foar elkenien  
En yn it skoft, yn'e rige mei dripkjend hier  
Foar it snoepke fan'e wike  
It blokje skom  
Rôs mei giel  
En dan werom  
Hup, spatte, der middenyn  
Mei in 'bommetje'  
Gau, it wetter yn*

©Sygrid van 't Zet

- De volgende keer volgen de andere twee winnende gedichten
- in de Koepel. De vier gedichten zijn ook op doek gedrukt en sieren nu de muren bij het zwembad. Kom gauw eens kijken!
- Oant sjen in Zwembad Mounewetter







24 uur per dag, 7 dagen per week


# Wij staan voor u klaar!

Thuis als het kan, in het ziekenhuis als het moet. Welke zorg u ook nodig heeft, wij zijn er voor u. Antonius, voorheen Thuiszorg Zuidwest Friesland, biedt alle soorten zorg aan huis, zoals verpleging, persoonlijke verzorging, nachtzorg én gespecialiseerde zorg.


Dankzij de korte lijnen met ons ziekenhuis kan er thuis heel veel. En als zorg thuis niet kan? Dan helpen we u in ons ziekenhuis in Sneek.

Wij zijn er voor u, zodat u langer thuis kunt blijven wonen óf eerder uit het ziekenhuis weer naar huis kunt.

**Annemarie Hannema is wijkverpleegkundige in uw buurt**  
Welke zorg u ook nodig heeft, zorgteam Witmarsum is er voor u en uw naasten. Annemarie komt graag bij u langs voor een vrijblijvend gesprek. Want ook u verdient optimale zorg, precies op maat.

 0515 - 46 18 81

 [TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl](mailto:TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl)

 [mijnantonius.nl/thuiszorg](http://mijnantonius.nl/thuiszorg)

 **antonius**  
zorg die meebeweegt

# Ynstjoerd

## Boekpresintaasje ‘Bern op’e romte’

Op sneontemiddei **8 juni** o.s. is der yn de tsjerke fan Skettens in boekpresintaasje fan in âld ynwenner fan Skettens, te witten Klaas Ybema.

Ybema hat yn 45 ferhalen beskreaun hoe’t de earste trettjin jier fan syn libben wiene op in pleats midden yn it lân tusken Hichtum en Wytmarsum. It buertskip mei de namme Pankoecken spilet yn dizze beskriuwing in haadrol.

It boek dat útjûn wurdt troch útjouwerij DeRyp sil dy middeis troch Klaas Ybema oanbean wurde oan immen dy’t him tige nei is. Fansels binne de ynwenners fan Skettens & omkriten fan herte wolkom dizze presintaasje by te wenjen dy’t om trije oere middeis begjint. Nei it offisjele part yn de tsjerke is der yn it doarpshûs in bakje kofje of thee . Dêr is ek gelegenheid it boek yn te sjen en te keapjen.

Opjaan foar dizze middei (graach) kin fia: [faberhillebrand@gmail.com](mailto:faberhillebrand@gmail.com)

Jo (jimme) bin fan herte wolkom.

Hille Faber & Klaas Ybema





Wij zijn het thuiszorgteam van Witmarsum en omgeving. Wij zijn vanaf 07:00 uur tot 23:00 uur te bereiken en staan voor u klaar met verpleging en verzorging die aansluit op uw wensen en behoeften.

Heeft u vragen of bent u zoek naar een passende oplossing, dan denken wij graag met u mee! Via ons telefoonnummer of e-mailadres kunt u ons rechtstreeks bereiken. Scan de QR-code voor meer informatie.

✉ [thuiszorg.witmarsum@patyna.nl](mailto:thuiszorg.witmarsum@patyna.nl)

☎ 085 - 1143 213

👉 [www.patyna.nl/thuiszorg](http://www.patyna.nl/thuiszorg)



# **S**tichting Gouden Land

## **Fietsen in het Gouden Land**

De stichting Gouden Land organiseert de komende zomer, samen met het Team Agro NL afd. Fryslân en de boerinnengroep Wûnseradiel een vijftal fietstochten. Nu kun je natuurlijk altijd heerlijk fietsen in onze omgeving, maar deze fietstochten bieden heel veel extra's. Zoals 'efkes buorkje' bij diverse boeren en bedrijven, een open kerk, een kopje koffie of een lunch enz.

Deze fietstochten met een plus zijn gepland op 5 woensdagen van 10.00 – 16.00 uur en variëren van 25 – 35 km. De routes worden nog nader bekend gemaakt en er kan binnen de route op meerdere plaatsen worden gestart. Op deze plekken zijn routeboekjes verkrijgbaar.

### **De data zijn:**

|                  |   |                    |
|------------------|---|--------------------|
| 26 juni 2024     | - | rondje om Kimswerd |
| 10 juli 2024     | - | rondje Zurich      |
| 24 juli 2024     | - | rondje Witmarsum   |
| 7 augustus 2024  | - | rondje Pingjum     |
| 21 augustus 2024 | - | rondje Arum        |

Voor meer informatie zie de website [www.goudenland.frl](http://www.goudenland.frl) en de Facebookpagina van GoudenLand

In de vorige Koepel noemden we al de presentatie van een wandelboekje met 26 rondjes om de kerken. Ook de 5 dorpen van het Gouden Land zijn opgenomen in een wandelroute. Het kan nog druk worden met fietsers en wandelaars.

- 
- 
- Namens Stichting Gouden Land
- M. Baarda

# Betanke

Hjirby wolle wy eltsenien tanksizze foar de kaarten, de blommen en it kommen nei it ferstjerren fan myn leave man, ús broer en sweager

## Jan Wiebe Lemstra


It hat ús tige goed dien.

Dicky Lemstra-Cuperus  
Broer en Ineke Lemstra-van Doorn  
Simon en Corlaine Lemstra-van Zelst  
En bern

## **LH** *Loonbedrijf & Kraanverhuur* **Klaas Haitisma**

**Levering van zand en tuinaarde**  
**Verhuur van graafmachines (groot en klein)**

Voor alle andere werkzaamheden op het gebied van grondverwerking of verhuur van (graaf)machines hebben (of zoeken) we een oplossing die bij u past!



Pingjumerstraat 26 • 8748 BN Witmarsum • info@haitsmawitmarsum • (0517) 531388

**Ook op zaterdag geopend! [www.haitsmawitmarsum.nl](http://www.haitsmawitmarsum.nl)**

# Ynstjoerd

## Beauty Award voor Carla Walstra

Carla Walstra van De Biosalon kreeg op 21 april de Beauty Award uitgereikt voor de beste schoonheidsspecialist/schoonheidssalon van de regio Noord. Volgens de jury krijgt ze de prijs omdat ze met haar Biosalon een zeer onderscheidend concept heeft, waar ze met volle aandacht met de cliënten werkt. “De missie en visie van deze specialist is duidelijk waarneembaar in de salon. Een eigentijdse salon die een duidelijke doelgroep aanspreekt.”

Voor Carla is het een droom die uitkomt. “Een prachtige bevestiging dat mijn manier van werken gezien mag worden. De stilte, gecombineerd met huidverbetering, Ayurveda en holisme levert een geweldige ontspanning op voor iedereen. Zeker in deze drukke en hectische tijd waarin we leven met continue prikkels om je heen is het extra belangrijk geworden om met regelmaat te ontspannen.” De Award werd uitgereikt tijdens een gala in het Congresgebouw in Nieuwegein.



# Ynstjoerd


## Aanvragen energietoeslag over 2023

Inwoners van de gemeente Súdwest-Fryslân kunnen nog tot 1 juli een energietoeslag aanvragen over het jaar 2023. Dat kan op [www.sudwestfryslan.nl/tichtby](http://www.sudwestfryslan.nl/tichtby) Wie hulp wil bij het aanvragen, of meer wil weten over andere geldpotjes, kan ook langskomen op een van de inlooptmomenten van SWF Tichtby. Informatie over de inlooptmomenten en wat SWF Tichtby nog meer kan betekenen staat op [www.sudwestfryslan.nl/swftichtby](http://www.sudwestfryslan.nl/swftichtby)

Gazelle, Kreidler en Pointer -dealer

ook andere  
merken  
leverbaar

deelnemer  
Nationale  
Fiets Projecten



nieuwe en gebruikte  
fietsen  
en fiets verhuur

fietsreparaties  
en fietsaccessoires

# ELGERSMA

R I J W I E L E N

Openingstijden:

maandag gesloten

dinsdag 08.30-17.30

woensdag 08.30-17.30

donderdag 08.30-17.30

vrijdag 08.30-17.30

zaterdag 09.00-16.00

KAATSPLEIN 6 | WITMARSUM | TEL. 0517-532551

[WWW.ELGERSMARIJWIELEN.NL](http://WWW.ELGERSMARIJWIELEN.NL)

# OBS De Utskoat

## **OBS De Utskoat 100e leerling!**

Basisschool De Utskoat heeft in de maand mei de 100e leerling welkom geheten. Natuurlijk moest dit gevierd worden met een passend cadeau voor de kinderen. De keuze was makkelijk gemaakt. De Utskoat heeft als speerpunt goed leesonderwijs en daar horen leuke boeken bij. De leerlingen mochten per groep uit een aantal boeken kiezen en hebben deze als cadeau mee naar huis gekregen. De eerste exemplaren zijn door interim-directeur Albert Juffer uitgereikt aan Wout en Egbert Spoor. Zij zijn ongeveer de jongste en de oudste leerling van De Utskoat.

Deze dag werd ook de juffen en meesterdag gevierd. Alle juffen en meesters vieren dan hun verjaardag. Vanwege de 100e leerlingen was dit extra feestelijk. Circus Sander heeft met de kinderen allerlei acts inge-oefend en tijdens twee spetterend shows hebben de leerlingen hun kunsten aan de ouders laten zien. Het was een geslaagde dag!







**Bij ons kun je terecht voor:**

# ***Fysio & Fitness***

Dry Needling  
Functionele Osteopathie  
Manuele therapie  
Medical taping  
Valpreventie\*

Medische fitness  
Bedrijfsfitness  
Dansen 4 Kids & Teens  
Spinning

**Op werkdagen geopend vanaf 8 uur  
3 avonden fitness per week**

\* Nieuw in ons aanbod!

Van Aylvaweg 16, Witmarsum  
0517 – 53 19 01  
info@fysiowitmarsum.nl  
www.fysiowitmarsum.nl


# Yn't ferline

We soene it dizze kear noch efkes hawwe oer Harmen Robijn en syn frou Tetje Jans Sieswerda. Wy krigen in âlde foto, fan likernôch 1900, sa 't hjir ûnder te sjen is. Wy sjogge hjir 5 persoanen op 'e foto stean, de meast linkse sil in help yn 'e hús-hâlding wêze, de meast rjochtse in passant en de twa yn 'e wite klean de slachtersfeinten.

Dus yn it swart mei de earizers op sil Tetje Sieswerda wêze mei neist har, har man Harmen Robijn. It komt je op it earste each net bekend foar, mar it is it pân op de hoeke Oostend en Molepaed. Oant safier wy neigean kinne is mei wissichheid te stellen dat Klaas Baukes Bijlsma, neffens it kadaster fan 1832 hjir slachter wie. Nei syn ferstjerren yn 1850, is it syn soan Bauke Klazes Bijlsma mei syn frou Willemke Jans Buwalda dy 't de slachterij oernimme. Ek syn soan, Klaas Bijlsma, komt yn de slachterij, want as er trout, op 15 maaie 1880, mei Baukje Wiersma stiet der dat er slachter is te Wytmarsum. Klaas Bijlsma emigreert yn 1883 naar Grand Rapids, Kent, Michigan in Amerika.

Wannear 't Harmen Robijn de saak oernaam hat, kinne we net hielendal weromfine. Mar wol dat Harmen de saak ferkeapet op 3 maaie 1903 oan Douwe de Jong en syn frou Marijke Steensma. Spitigernôch wurdt Douwe mar 34 jier, hy komt te ferstjerren 21 Juli 1916, en Marijke ferkeapet de slachterij yn 1918 oan Aart Dijkstra en syn frou Jantje Snijder kommende fan St. Jacobi. Hy is hast 40 jier slachter oan it Oostend 2, wêrnei 't Wietse Dijkstra de saak oernimt yn desimber 1956. Hy komt fan Aldeleie mei frou Marie van der Feen en soan Renze. Wietse Dijkstra is hjir mar in jier as 8 slachter, want op 1 augustus 1965 nimt famylje Nota besit fan de slachterij.

Sjoerd Nota mei frou Afke Dooper hawwe hjir de slachterij ta de sluting begjin jierren 80. Dit begûn mei in âlde foto, mar waard foar ús letter in hiel ferhaal dat wy mei jo dielen woene.



- Minsken as jimme no ek mei sa wat sitte, lit it ús dan efkes witte.
- Evert Zwier Verlengde Oostend 17 8748AP (532147), Geertje Verhoeve (531392), Titia Banga (531572) of Wietske Sierkstra (532047) e-mail: [evertzwier@outlook.com](mailto:evertzwier@outlook.com)
-

# **A**genda juni/juli 2024

## **12 juni**

Mouneboulers Toernooi met Easterein (in Witmarsum)

## **16 juni**

Vaderdag in zwembad Mounewetter Vaders mogen gratis zwemmen onder begeleiding van hun kinderen.

## **24 t/m 26 juni**

Straatkaatsen

## **6 juli t/m 14 september**

Tsjerkepaad 2024 13.30 – 17.00 uur, Koepelkerk (zie ook het artikel in deze Koepel)

## **13 juli**

Mouneboulers Barbecuetoernooi

## **14 juli**

Theaterconcert O Cielo 15.00 uur, Koepelkerk. Organisatie: St. Koepelconcerten. Celliste: Judith Oost. Organist: Simon Bouma

## **24 juli 2024**

Fietstocht 'Rondje Witmarsum'

Meer informatie: [www.goudenland.frl](http://www.goudenland.frl)

## **Tip**

- Een melding in de agenda van De Koepel - de krant én de website - vergroot uw bereik en uw zichtbaarheid, ook voor lezers die geen lid van uw vereniging of organisatie zijn. Mail daarom uw activiteit naar [agenda@dekoepel.frl](mailto:agenda@dekoepel.frl) Ook als die in één van de komende maanden plaatsvindt.

**ZEE**  
design



**Looking for fresh ideas?**

[www.zeedesign.nl](http://www.zeedesign.nl)

**SNEEK RECYCLING**



# MILIEUSTRAT & CONTAINERVERHUUR

Voor bedrijf en particulier



Touwslagersstraat 20 0515 820240

**BESTEL JE CONTAINER DIRECT OP: [WWW.SNEEK-RECYCLING.NL](http://WWW.SNEEK-RECYCLING.NL)**



**ROBBEN**  
METAALRECYCLING SNEEK

Zadelmakersstraat 26  
8601WH Sneek  
Tel: 0515 245050

**DE BESTE PRIJS  
VOOR UW OUD IJZER**

Voor bedrijven, particulier  
& verenigingen

**[WWW.ROBBENMETAALSNEEK.NL](http://WWW.ROBBENMETAALSNEEK.NL)**

# Kolofon

## **Útjefte fan de gearwurkjende ferienings:**

|                                 |  |
|---------------------------------|--|
| PCOB Wûnseradiel                | Tennisclub                               |
| PKN Wytmarsum                   | IJslub                                   |
| St. Koepelconcerten             | Sticht. Zwembad "Mounewetter"            |
| St. Oars as Oars                | Zangver. "Scheppingsgave"                |
| Popkoar Wytmarsum               | Vogelwacht                               |
| Gymnastiekver. "V. en O."       | Graach Dien                              |
| Muziekver. "Nij Libben"         | Jeu de Boules ver. "De Mouneboulers"     |
| Toneelver. "Surprise"           | Begr.-Crematiever. "De laatste Eer"      |
| Perm. Commissie"                | Triatlon Wytmarsum                       |
| Kaartclub "Elk wat Wils"        | Zorgcentrum Aylva State                  |
| E.H.B.O.                        | Stichting Ekspedysje Wytmarsum           |
| Bejaardensoos                   | MFC It Fliet                             |
| "De Koepeldûnsers"              | Loopgroep Wytmarsum                      |
| K.V. "Pim Mulier"               | Trekkerdei Wytmarsum                     |
| Sportvereniging "Mulier"        | Stichting Gouden Land                    |
| Ver. voor Dorpsbelangen         |  |
| Ondernemersvereniging Wytmarsum | <b>Til. nr sekretariaat: 0517-531205</b> |

**De kopij foar de Merke Koepel moat uterlik 5 july ynlevere wurde fia de mail: [redactie@dekoepel.frl](mailto:redactie@dekoepel.frl) en famyljeberjochten ek by Adri de Vries, Tsjerkelân 38, 8748 BJ, Wytmarsum.**

**Adreswizigingen en opsizzingen skriftlik oan boppesteand adres of fia de mail.**

**Berjochten foar de agenda nei: [agenda@dekoepel.frl](mailto:agenda@dekoepel.frl)**

## **Tariven 2024**

|                                       |       |
|---------------------------------------|-------|
| Meidielings/advertinsjes 1 bledside   | €50,- |
| Meidielings/advertinsjes 1/2 bledside | €30,- |
| Famyljeberjochten/betank-advertinsjes | €15,- |
| Bertekaartsjes                        | €15,- |

De Koepel komt 11 kear yn it jier út, it earste wykein fan de nije moanne.

**Post-abonnees** dy't net lid (mear) binne fan in by De Koepel oansletten feriening betelje in minimale bydrage fan **€15,- it jier**. Wytmarsummers en oare lêzers om utens dy't lid binne fan boppesteande ferienings binne ús neat skuldich; in frijwillige bydrage is fansels altyd wolkom en wurdt troch ús tige op priis steld!

**Rabobank rek.nr. NL 23 RABO 03715.56.201**

## **Internet**

Homepage: [www.dekoepel.frl](http://www.dekoepel.frl)  
E-mail adres: [redactie@dekoepel.frl](mailto:redactie@dekoepel.frl)  
Facebook: [webmaster@dekoepel.frl](https://www.facebook.com/webmaster@dekoepel.frl)



# Hofstra bouw

Zorgeloos (ver)bouwen



3D model

**Nieuwbouw   Verbouw   Renovatie   Modernisering**

**Wilt u een open keuken? Denkt u na over een aanbouw of serre?  
Wilt u boven een dakkapel voor meer ruimte? Heeft uw badkamer een  
opfrisbeurt nodig? Kan er een extra slaapkamer op de garage?**

Onze klanten zijn zeer tevreden over onze stijlvolle ontwerpen, over onze heldere afspraken, onze verrassende oplossingen, bouwkwaliteit en over de goede samenwerking. Wilt u weten wat het resultaat is van de verbouwing, dan maken we vooraf een 3D-ontwerp.

Hofstra Bouw, het meest veelzijdige bouwbedrijf van Friesland.  
Profiteer van de voordelen en neem vrijblijvend contact met ons op.

[www.hofstrabouw.nl](http://www.hofstrabouw.nl)

